

## SJUERYRAPPORT "SIMKE KLOOSTERMANPRIIS" 1989

Krekt as yn 1983 en 1986 wie de taak fan de sjuery, it hiele hear oan berne- en jongereinboeken te skôgjen, boeken foar fiif- en seisjierrigen likegoed as dy foar fyftjin- en sechtsjinjierrigen. En der mocht ek diskear net mear as ien priis takend wurde. Yn de jierren 1986, 1987 en 1988 kamen der sa'n fiif-en-tweintich oarspronklik fryske berneboeken út, wol aardich spraat oer de ferskate leeftiids-groepen.

Sawol yn 1983 as 1986 is de Simke Kloostermanpriis takend oan in skriuwer foar de jongerein. Dat sadwaande waard hjir en dêr al ris suggerearre dat it yn 1989 dan wol hast op in bekroaning fan in skriuwer foar de jongere bern útrinne soe. Ik moat sizze, dat der yn 'e sjuery net oer praat, ja sels net iens oer tocht is om dizze kear al fêst yn 't foar de boeken foar de âldste kategory lêzers út te sluten. Us wurkwiize wie sa: wy ha út de list mei útkommen boeken alle trije dy boeken oanskrast, dy't neffens ús yn 'e beneaming foar de Simke Kloostermanpriis komme koen? It is tige jammer, dat yn it parseberjocht dêr't de priiswinder yn bekendmakke waard, tagelyk ek net, sa't yn 'e bedoeling lei, dizze kânshawwers neamd waarden. Dêrom neam ik se hjir no mar even. Neffens de sjuery, dy't bestie út mefr. W. Goeman- van Randen, mefr. S. Ypenga-Keulen en W.v.d.Schaaf, wiene goede kandidaten foar de Simke Kloostermanpriis 1989:

- "It ûnsichtbere folk" fan N.Dijkema-v. Calsbeek
- "Tante Ka en oare ferhalen" fan Mindert Wijnstra
- "Spinaazje mei spikers en oare ferhalen" fan Eppie Dam
- "Bartele Bûse" fan Berber van der Geest
- "De skat ûnder de parrebeam" fan Ype Poartinga.

Opmerklik by dizze kar is, dat it allegearre boeken binne foar de wat jongere bern, wylst it ek opfallend is dat der by de fiif neamde boeken fjouwer koarte ferhaleböeken binne. Dizze fiif boeken fertsjinje trouwens in ekstra plom, om't neffens ús dizze boeken net inkeld goed skreaun binne, mar op in navenante wiize útjûn. De yllustraasjes en de foarmjouwing fan dizze boeken binne tige knap en it docht ús dan ek deugd dat wy konstatare kinne dat it berneboek yn Fryslân, ek wat de uterlike fersoarging oanbelanget, hieltiten in mear folwoeksen yndruk begjint te meitsjen.

Dan soene wy noch opmerke wolle, dat it foar de fryske literatuer in goede saak wêze soe, as boeken lykas de sapas neamde fiif, oerset wurde soene yn oare talen, en dan leafst net allinne yn it Hollâns, al sil it yn dy taal wol it maklikst te realisearjen wêze.

En dan no nei de priiswinder fan dit jier. De ienriedigens ûnder de trije sjueryleden wie tige grut. Allegear hiene as nûmer ien op it listke stean it boek "Bartele Bûse" fan Berber van der Geest. Sûnder de oaren tekoart te dwaan, dit boek rûn der neffens ús noch al aardich út. Ek yn it oeuvre fan Berber van der Geest sels, en dan neam ik benammen "It âld kammenet", "De hânskrobbers" en

"Bartele Bûse", fine wy ditlêste om ûnderskate redenen it foarlopige hichtepunt. Mei oare wurden: de sjuery sjocht in dúdlike positive ûntwikkeling yn it wurk fan Berber van der Geest en dêrmei wurdt tagelyk útsprutsen, dat wy ek foar de takomst noch in protte fan har ferwachtsje.

Krekt as by de beide foarige ferhaleböeken jout "Bartele Bûse" in rige ferhalen, dy't yn in dúdlik ramt set binne. De losse ferhalen wurde sa ta ien gehiel makke. It ekstra orizjinele fan dizze bondel is ek noch, dat troch de komposysje fan it gehiel in sterke ienheid tusken tekst en yllustraasjes ta stân brocht is. Yn dat ferbân moat sein wurde, dat mei troch de prachtige yllustraasjes fan Laura Tietjens in geef gehiel ûntstien is. Njonken de orizjinaliteit en de sterke komposysje fan it boek, moat nei foaren helle wurde it taalgebrûk fan de skriuwster: oan de iene kant sa geef as mar mooglik is, mar oan de oare kant it

---

boartlike fan har taal, dat ús sjen lit dat de skriuwster har taal oan't yn 'e finesses behearsket, mei har taal skilderje kin en kleur jaan oan har ferhalen.

It klinkt dêrby allegearre tige natuerlik, it is in nocht sokke taal te hearren en te lêzen. Berber van der Geest hat in geef boek skreaun, in boek dat in tige konsistent gehiel foarmet. Dêrmei is ien fan 'e wichtichste saken noch net neamd, en dat is de fantasije dêr't de skriuwsters oer beskikt. Dy fantasij is grut en hast sûnder grinzen, want Berber van der Geest hat oan in piperwynske prippunêze, in sjampanjekoark of in âld horloazje genôch om in prachtich ferhaal te skriuwen, wêrby't de foarwurpen, dy't de haadrol spylje yn de ferhalen, har natuerlike eigenskippen behâlde. En sa no en dan betinkt de skriuwsters ek noch in fretwolf of in krizeltosk, dy't oanlieding binne

---

foar boeiende, sfearfolle ferhalen. Humor makket dêrby yn hast alle ferhalen in belangryk ûnderdiel, in ûnmisber yngrediënt út, en sa no en dan kinne de bern ek noch wol even lekker de grize oer de grauwe rinne litte. It bliuwt lykwols, en is dat net in pree foar in berneboek, allegearre tige herkenber foar bern, om 't út alles bliken docht, dat de ferhalen hieltiten wer fan de bern wei út tocht en belibbe binne.

Wy kinne wiis wêze mei de boeken fan Berber van der Geest, en benammen mei it boek oer Bartele Bûse en de skilder Skelte Kwast. It liket my ta, dat de skriuwster it ien en oare mien hat mei dizze beide haadfiguren út har boek. Yn it foarste plak liket se op Skelte Kwast, dy't mei in protte fantasij ferhalen skildert oer de foarwurpen dy't yn Bartele syn bûse telâne komd binne. Skelte seit sels oan 'e ein fan it boek: "Myn fantasije fjouwere betiden rare kanten út! Mar dêr ha'k no krekt nocht oan: want yn jins fantasije kin alles!" Oan de oare kant hat Berber van der Geest ek wat fan it jonkje Bartele Bûse. Se hat noch genôch yn har fan it bernlike, dat har de mooglikheid jout yn 'e hûd fan de bern te krûpen en krekt as de bern aardichheid te hawwen oan al dy lytse dinkjes, dy't foar bern sa wichtich binne: knikkerts, messen, filters en spegeltsjes, dy't dan wer oanlieding wêze kinne ta allerhande aventoeren.

Mar it is net allinnich dizze boartlike, bliere kant dêr't Berber van der Geest har yn útlibbet. Se hat ek each foar de gefoelens fan fertriet en ûnmacht dy't bern bekrûpe kinne as de grutte minsken har net begripe en earnstich nimme. Krekt dit stikje spanning yn de ferhâlding fan Barteles en syn mem jout it boek noch in ekstra diminsje.

Oan 'e ein fan it boek mei Barteles it stommeltsje potlead fan Skelte, dat er fûn hat, hâlde, miskien is it wol in toverpotlead dêr't er fâaks ek moaie tekeningen mei meitsje kin. En dan seit er: "Dat stommeltsje potlead wol 'k net kwyt. En myn freon Skelte ek net! No net en nea net." Ik sprek de hope út, dat ek Berber van der Geest har stommeltsje potlead net kwyt rekket en der noch in protte mei skriuwe sil. Ferhalen foar de Fryske bern. Want dy wolle har net misse. No net en nea net! Foar gjin goud!!

Wim van der Schaaf

maaie 1989